



Orgaan foar de Fryske taal

Oan de minister fan Feilichheid en Justysje  
Syn Eksellinsje de hear mr. G.A. van der Steur  
Postbus 20301  
2500 EH DEN HAACH

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte  
✓ Blokhúsplein 40  
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl  
✓ www.dingtiid.nl  
✓ @dingtiid

Ljouwert, 14 december 2015

Achte hear Van der Steur,

It Orgaan foar de Fryske taal wol in driuwende kwestje, dy't streekrjocht rekket oan de Wet gebrûk Fryske taal, graach yn jo omtinken bringe. It giet om it oanbringen fan in Fryske strafsak troch it Iepenbier Ministearje *bûten* it rjochtsgebiet fan Noard-Nederlân, wêrby't de fertochte mei klam oanjûn hat yn de rjochtseal gebrûk meitsje te wollen fan de Fryske taal.

De Wet gebrûk Fryske taal jout in Frysktalige fertochte it rjocht om Frysk te praten yn syn of har strafsak, as dy saak alteast tsjinnet by de Rjochtbank Noard-Nederlân of it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert. Troch de strafsak bûten it rjochtsgebiet Noard-Nederlân oan te bringen, wurdt in Frysktalige fertochte it rjocht ûntnaam om Frysk te praten yn syn of har eigen strafsak. Ut it ta stân kommen fan de Wet docht dúdlik bliken dat soks nea de bedoeling fan de wetjouwer west hat. It Orgaan foar de Fryske taal advisearret dan ek om belied fêst te stellen dat oan de rjochten en belangen fan fertochten en oare prosedielnimmers, lykas ferwurde yn de Wet gebrûk Fryske taal, rjocht docht.

It Orgaan foar de Fryske taal is by wet ynsteld (art. 19 Wet gebrûk Fryske taal) en hat ta taak om de gelikense posysje fan de Fryske taal en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. It Orgaan foar de Fryske taal kin net allinne oan de Minister fan Ynlânske Saken rapportearje, mar ek oan oare ministers. Hjirby makket it Orgaan foar de Fryske taal gebrûk fan dat foech.

De oanlieding foar dizze brief is de gong fan saken yn de saneamde Mestsilosaak fan Makkingea. Yn dy saak stiet in Frysktalige fertochte terjochte, dy't yn syn strafsak Frysk prate wolle soe. No docht bliken dat it Iepenbier Ministearje de saak yn it earstoan ûnderbrocht hie by de rjochtbank yn Almelo en net by de rjochtbank yn Ljouwert, wat mei it each op de wet- en regeljouwing tige goed mooglik west hie.

Art 2. Wetboek fan Straffoarding beskiedt ommers dat guon rjochtbanken likefolle foech ha om kennis te nimmen fan strafsaken, en de earste beide kritearia

oangeande it foech fan in rjochtbank dy't de wet neamt, binne op dizze saak fan tapassing. It feit dêr't foar ferfolge wurdt, is begien yn it rjochtsgebiet Noard-Nederlân; de fertochte hat fierder syn wen- of ferbliuwplak binnen dat rjochtsgebiet. Yn jo antwurd fan 5 novimber 2015 op Keamerfragen fan de Keamerleden Jacobi en Recourt oer dizze kwestje jouwe jo oan dat de offisier fan justysje by it Funksjoneel Parket de saak oanbrocht hat by de konsintraasjerjochtbank Oerisel.

Lykas sein, út it Wetboek fan Straffoarding folget dat de strafsak perfoarst by de rjochtbank yn Ljouwert oanbrocht wurde kind hie. Wie dat bard, dan hie de fertochte gebrûk meitsje kind fan syn rjocht om Frysk te praten by de rjochtsitting. Troch de beslissing om syn saak *bûten* it rjochtsgebiet Noard-Nederlân oan te bringen, is dat rjocht fan de Fryske fertochte yllusoer wurden. De útdruklike winsk fan de fertochte om Frysk prate te kinnen by syn rjochtsitting is in belang dat ek meiwoegen wurde moatten hie yn de beslissing om de saak foar in beskate rjochtbank oan te bringen. Dy sjenswize wurdt ûnder oaren stipe troch de skiednis fan it ta stân kommen fan de Wet gebrûk Fryske taal. By de behanneling yn de Twadde Keamer is oangeande de feroaring fan de gerjochtlike kaart en benammen alle feroarings yn de gearwurking tusken de gerjochten yn it Noardeasten, de soarch utere: "Hoe wurdt tefoarren kaam dat hjirtroch it gebrûk fan it Frysk yn it rjochtsferkear ûnder druk komt te stean?" (KII 2012-2013, 33 335, nr. 6, s. 7).

De advokaat fan de fertochte hat fersocht om behanneling fan de strafsak troch de rjochtbank te Ljouwert. It Iepenbier Ministearje hat dêr ôfwizend op beslist. De reden dêrfoar is net dúdlik wurden. De yndruk is lykwols wekt dat dizze saak by de konsintraasjerjochtbank Oerisel oanbrocht wurde *moast*. Dat is lykwols perfoarst net wier; art. 2 Wetboek fan Straffoarding twingt yn alle gefallen net ta de kar dat de saak oanbrocht wurde *moast* by de rjochtbank Oerisel. Sterker noch, by de lyktidige ferfolging, dy't yn dat artikel neamd wurdt, moat op basis fan de wet foarrang jûn wurde oan de foechhawwende rjochtbank dy't yn rangskikking earst pleatst is. Yn dat gefal soe de Rjochtbank Noard-Nederlân (lokaasje Ljouwert) prevaleare. Ek de taljochting op it 'Beslút fan 6 maaie 2013 befetsjende regels oangeande it lanlik parket en it funksjoneel parket (...)', dêr't jo nei ferwize yn jo antwurd op de Keamerfragen fan Jacobi en Recourt, tsjut yn in folslein oare rjochting. Yn de Nota fan Taljochting op art. 2 fan it Beslút stiet: "Het functioneel parket is niet exclusief belast met de vervolging van zaken die door de BOD's worden aangedragen. Ook lokale parketten behandelen, indien daartoe bijvoorbeeld wegens de lokale binding van de zaak aanleiding is, zaken van BOD's. Zaken met een lokale binding worden daarmee, ondanks de mogelijkheid van concentratie, zoveel mogelijk ook *lokaal* (kursivearring DINGTIID) bij een rechtbank aangebracht." Fierder wurdt yn de taljochting noch wiisd op it útgongspunt "dat concentratie van rechtsmacht uitzondering dient te zijn." De beslissing om dizze saak, mei it each op de feitlike omstannichheden, nét by de Rjochtbank Noard-Nederlân oan te bringen, wekt fernuvering en hat it rjocht fan in Frysktalige

fertochte om Frysk prate te meien op syn eigen rjochtsitting sa goed as teneate dien. Wat liket te ûntbrekken is in helder, foar eltsenien tagonklik en iepenbier beliedsramt.

Op de website fan De Rechtspraak falt te lêzen dat de saak no behannele wurde sil yn Swol om de reisôfstân fan de fertochte te bekoartsjen, en boppedat dat oan de fertochte in tolk tawiisd wurde sil. Faaks is mei dat beslút de fertochte in bytsje temjitte kaam. Dat lêste lit lykwols ûnferoare dat troch in feitlike hannelwize fan it iepenbier Ministearje it rjocht fan in Frysktalige fertochte om Frysk prate te meien op syn eigen rjochtsitting, yllusoir wurden is.

It Orgaan foar de Fryske taal advisearret de Minister fan Feilichheid en Justysje dan ek om in helder, foar eltsenien tagonklik, iepenbier beliedsramt fêst te stellen dat rjocht docht oan de rjochten en belangen fan fertochten en oare prosedielnimmers, lykas ferwurde yn de Wet gebrûk Fryske taal. Boppedat moat tafersjoch holden wurden op neilibbing fan it ramt dat dêrmei steld wurdt, sadat ek yn de takomst dy rjochten en belangen by de úteinlik te nimmen beslissing serius meiwoegen wurde. Foar fertochten yn strafsaken soe soks betsjutte dat it rjocht om Frysk prate te meien yn de eigen strafsak net om tsjustere redenen troch it iepenbier Ministearje ûntnaam wurde kin, bygelyks troch de saak by in rjochtbank bûten it rjochtsgebiet Noard-Nederlân oan te bringen.

Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra

Foarsitter DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal

cc: Minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelasjes  
Ried foar de Rjochtspraak  
Presidint fan de Rjochtbank Noard-Nederlân  
Presidint fan it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert  
Nederlânske Feriening foar Rjochtspraak  
Oantal Fryske Twadde Keamerleden  
Fêste Keamerkommisje Feiligheid en Justysje  
Iepenbier Ministearje